



# Myn earste wirk út ues daegeliks libben

<https://hdl.handle.net/1874/233706>

7 mm 010121 / 100 P. 6.0

# MYN EARSTE WIRK

út ues

DAEGELIKS LIBBEN

TROCH

T. H. DYKSTRA

*to Oranjewâld.*





160. F. 6 <sup>8</sup>

# MYN EARSTE WIRK

út ues

DAEGELIKS LIBBEN

TROCH

T. H. DYKSTRA

*to Oranjewâld.*





## HWET FEN MYN JONGESJIEREN.

Berte ben 'k yn Haskerlân,  
It plak is flekke Jouwer  
Myn âlden wennen ticht by 't sân  
Yn de steeg fen Brouwer;  
't Wier noch yn de iere moarn,  
Midden yn de simmer  
Der kaem ik sa betiid al oan,  
Oer dei den wier 't noch slimmer.

De earste dei, do keard ik mei  
Gjin harke yn 'e hân,  
Myn heit, dy keard ik fen it lân,  
Do hier dy oare drokte,  
Went do him det gelokte,  
Det ik de earste jonge wie,  
Der hja wol twa famkes hie,  
Do wie 'r danich yn syn skik,  
Syn heit to naeme kryge ik.

Mei trijje jier, do wie 'k sa fier  
Nei tante skoalle ta,  
Der scoe vût oan les fen ha,  
Ik kryge ek al onderrocht,  
Mar deroan hie 'k volstrekt gjin nocht,  
Ik learde oars wol adich oan  
Ondoaginsheid, ik wier bedoan,  
Ik koe al adich skelle,  
Det kin 'k wol fortelle.

Mar tante, hja hie my gou oer,

Went yn my syt net folle stjoer,  
 Det blykt do ik by master kaem,  
 Dy 't ek al malle gau fornaem,  
 Um 't ik noch gjin letter koe,  
 Mar och, as 'k mar hwet leare woe.

Dy master wie oars net forkeard,  
 Mar och, dy jonge learde neat,  
 En 'k skoe sa tiege leare,  
 Ho koe 't sa mal beteare,  
 Do leard ik by him fjouwer jier,  
 Do wie ik dochts al wer sa fier,  
 Ik koe dy lietste bern al knoeie,  
 Den kaem det er ek noch by,  
 Sei wol faek myn heit tsjin my:  
 Fen undoagensheid net groeije.

Hwet wist ik fen undoagensheid,  
 Ik gung dochts út to learen,  
 Hwet kríg ik sums ek raer bescheid,  
 En kniepen yn myn earen.  
 Sums ek wol danich mei ien stok  
 En by de turwen ien it hok,  
 Sums dan stunt er sa mal by,  
 Den houde master my  
 By al de oare berntjes wei,  
 Det wier myn straf saen heele dei.

Ik kaem do fen dy skoale ouw,  
 Min brochte my by master gouw:  
 Det wier ien âlde griese man,  
 Hy draegd ien prúk en bril.  
 Mar hier nen rocht forkearde van  
 't Wier ien doof en styfe knil.

Der leard ik skrieuwen mei de pinne,  
 En den op wiit pompier ;  
 It gung de selde gong wer hinne,  
 Ik learde net ien sier ,  
 As springe op 'e vlier en banken ,  
 Det learde noch al licht ,  
 Det hie 'k dy âlde man to tanken ,  
 Mar scild oan syn min gesicht.

Syn stokken dy koe 'k goed opbergje ,  
 Det koe 'k behindich dwaen ,  
 En den dy lietste bern wer tergje ,  
 En 'n patje tiege slaen.  
 Det wier myn wirk sahwet yn skoale  
 Deroan hie 'k tiige nocht ,  
 Mem sei wol faek saen greate voale,  
 'k Wit net hwet dy 'r docht.

Ik krige sums ek tsjokke kniepen  
 Yn d' earen en yn 't vel ,  
 Den gung it jamk ek up in liepen ,  
 't Bloed roun er faek bydel.  
 Det kaem net det 'k tiege learde ,  
 Och hear ik, fier fen deth ,  
 Det master my sa faek besearde,  
 Den nar ik d' oaren hwet.

Ien kear op ien Freedtomoarn,  
 Do skild 'r wit 'k nog vry hwet oan ;  
 Fjouwer fen dy lietste bern ,  
 Koe 'n j' oars neat as jisk oan sjen;  
 Fen de greateste jonges krîg ien stoer,  
 Den moest 'k dy famkes achter oer



Yn in bak mei jiske flappe,  
 Ik tochte det kin 'k adich lappe;  
 Det slage my sa moai as 't koe,  
 Mar och, hwet schriemd' dy famkes doe,  
 Mar ik roan ringen mei de stoer  
 As ien kat de buren oar,  
 Sadwaende wier ik mei in veag,  
 By myn volk ynne Brouwersteag.

Nou hie 'k den oars al vry hwet leard,  
 Summen mak ik rocht forkeard,  
 Ik wist det twa kear twa wier fjouwer  
 Det leard ik ek al oan 'e Jouwer,  
 Myn naeme koe 'k mei moeite sette,  
 Myn heit, det wist ik, hjitte Hette,  
 En lesse a, b en c nog by,  
 Do koe 'k al 'n heele boel tocht my.

Do moest ik nei ien handwirk ta,  
 Went mear nei skoale koe 't net sa,  
 As 't der den noch hwet better koe  
 Det 'k sa den noch hwet leare scoe.  
 Myn mem wier einliks mei my oan  
 Myn heit wier yn dy tiid ek stoarn.  
 Wer scoe se mei my hinne;  
 It carste nei ien koeper ta,  
 Mar der bedoar 'k it schielik sa,  
 Dy joeg my der fen dinne.

Ik hier syn fjirders gled foarbran  
 Der hier earst sa'n wirk fen hawn.  
 In noch twa kiensens vetten,  
 Dy hie 'k oer 't fjoer forgotten.

Fen syn ritskip hie'k al wei.  
 Der makke 'k harketynen mei.  
 En den syn nije byle  
 Hie'k heel en doch to fyle.

Do scoe ik nei in nije baes ,  
 Mar och hwet wier 't my der 'n geraes.  
 Der wier it algear draeijery.  
 Der wieren heele klokken bij.  
 Hwet in redden , hwet in tsjillen ,  
 Slachamers en noch greater spillen.  
 Ik tocht hjir mat ik wer wei ,  
 Om myn part al is 't moarn de dei.

Went der bedoar ik foat sa folle  
 De oare deis de baes syn holle  
 Wier tsjin my sa fier forkeard ,  
 Ha 'k dy sa it fieljen leard.  
 Ne baes went bin je deis net thús ,  
 Den fielje ik al jou gûd oan grús ,  
 'k Wit noch wol det Pieter Saekes  
 Nydich wier , mar och, ik laeke's  
 En gung stiltjes der wer wei ,  
 Sonder det 'k myn mem it sei.

Touwslaan moest ik neityd leare ,  
 Bij de smid moest ik foarkeare ;  
 Touwslaen hie 'k gouw yn 'e holle ,  
 Went ik draeid' det red sa folle.  
 Det it den noch hirder gung ,  
 Det it touw oan alle flarden sprung.

Nou den hie 'k al gâns fortsjinne ,  
 Fen nij ou koe 'k den hwer bigjinne ;

Tha lean , krig' ik jouns mei dy stringen ,  
 Det ik hele greate ringen ,  
 Sa mar um myn lichaem hier.  
 Ik sis det 't mear as skande wier.

En 't smeijen der net fen to kleijen ,  
 De baes wier vrij om my to jeijen ,  
 Fen det 't wirk siekte mar san skien,  
 Kaem foart ta de winkel yn ;  
 'k Hier ringen der al sa'n besluet ,  
 Achter gunk 'k er dalik uet.

Went oars hier do myn Reinder omke ,  
 Mear as sachjes my bitomke ;  
 Hy wier in tsjirl tige handich ,  
 Mar by tiiden onverstandich ;  
 En 'k wist wol , der hy ieser hier ,  
 Det sear my op myn ribben die.  
 Verfjen leard' ik en ek bakken ,  
 'k Wit net krekt mear hwet in plakken  
 As ik net betstjinje scoe ,  
 As ik mar hwet doache woe.

Mar je mis den jouns op 'e strjitte ,  
 't Hier my nei tiid jamk bigritte.  
 Der gong 't soms ek lang net stil ,  
 Whet ik hwet fen sisse scil.

Den hie ik fen dy eintsjes touw ,  
 Hja wieren net sa malle grouw ,  
 Den hie 'k in jonge oer 'e strjitte ,  
 Der de froulju oer falle litte.

Det gung sums ek lang net goed ,  
 Sims den kaem er frij hwet bloed ,

Den voelen hja sa mooi foroer.  
 Sa'n lientsje kost ues mar in stoer.

To slim om 't algear to fortellen,  
 Hwet in kroalen, hwet in bellen  
 Fleagen den de bûren oer,  
 De measte fammen wieren poer.

En stik'ne glêsen by 't dosyn,  
 Dy keild ik den mei stjinnen yn;  
 En seach min den ues ald eksteur,  
 Den kaem de man hwer yn syn fleur.

Den roanen wy sa hird as foksen  
 Det ues gunsde yn 'e boksen,  
 Nei de bakker Penninga,  
 Den moest dy er wer fen ha.  
 Den hie 'k gatten yn de sinten,  
 'k Kochte fen him koek' en krinten,  
 Den in tige fyn ein touw,  
 Sa helle ik dy sinten gouw,  
 Fen de twambank nei my ta,  
 En noch mei Haeike in grapke ha.  
 Mar och, hwet folle fen dy setten,  
 De measten bin my al forgotten,  
 Ik hie de skild, as wier 'k ek frij,  
 Den wier 'k er sims net ienris by.  
 Mar 'k wit dat er noch minsken binne,  
 Dy 't my der noch goed fen kinne;  
 Ien plak bleau noch for my oer,  
 Ik rekke ringen nei in boer.  
 Der hie 'k it measte nocht noch oan.  
 Op biren wier 'k alhiel bidoan,  
 Hwet wieren do de Jousters bly

En by de boer gung 't goed mei my.

Meltsje det koe 'k goed , sei hy ,  
 Det wier foar myn dwaen tige' ,  
 Mar det oars dy boer oan my  
 In raer persealtsje krige.

Hja frég' me as lêse koe ,  
 En sei er : kinst wol skrieuwe ?  
 Det hja my algear leare woe ,  
 Oars koe 'k net by him bleauwe.

Hja frége my de rekkenkunst ,  
 Det moast ik nedich leare ,  
 Oars blouk út aller minsken gunst  
 En by gjin mins forkeare.

Do kaem ik oan it dielen ta ;  
 'k Wier do noch net sa ald ;  
 Nou diel ik krekt as folle sa ,  
 Det 'k sels it meast wol hald.

---

## IEN WIRDSJE OAN DE BERN.

Och bern wol noait de tiid  
 Net lyk as ik forslyte ,  
 In as min alder wird ,  
 Jins sels den net forwyte.  
 De lessen fen jins folk ,  
 Dy mei wy noait forjitte ,  
 En master synes foral ,  
 Net efter bleauwe litte ;

Dwaen det met alle nocht,  
 Den kin min letter sjen,  
 Hwet goede minsken jowt.  
 Fen foarge jonge bern.  
 En dwaen 'e jim it net,  
 Hwer scil it den bedarje.  
 En neitiid jimme noait,  
 For selsforwyt biwarje.

---

### It elts mei feinten stryke, fammen.

Wa hae 't er altiid oan jit nocht,  
 D' is hwet min heart ef hwet min sjocht,  
 Jit altyd hwet to krijjen,  
 Den wer oer my, den oer ien oar,  
 'k Wit net ho min altears sa doar,  
 En faek oer 't stik fen vrijen.

In lest for neat hjir yn 'e wrâld,  
 Dat gjit by jong en ek by âld,  
 't Is aklik hwet min babbelt,  
 As elts syn eigen balke seach  
 De splinter yn ien oar syn each,  
 Den wyt hwet min oars rabbelt.

Mar 't gjit mei ús al folle sa.  
 Dat oergunst wrok de oerhân ha,  
 Wist min det mar to mijjen,  
 Sich elts mar ien syn eigen tús,  
 't Leau siiker wier den past it ús  
 Om fen ien oar to swijjen.

Sa seach yn 't bled fen Hepkema,

Hwet nocht as hjir de fammen ha ,  
 't Is my noch net forgotten ,  
 Det bljouwte net iens by praeten mar ,  
 My tinkt det is net moai fen hjar ,  
 Om 't up pompier to setten.

Den hie 't yn heele boel er fen ,  
 Sa skuw oan ús dy kranteman ,  
 Oer brekfis sonder naeme ,  
 Dy woorden skrun oan ien mynhear ,  
 Dyt by simmer hjir forkear ,  
 En up ien jiffer vlaeme.

Missciin tink jimme nou wol sa ,  
 Hwet wehlig sal wy nou wer har ?  
 Ues hjir de wetten stelle ,  
 Ei né, det wie myn doel oars net ,  
 Mar 'k hie my dochts ien plân foarset ,  
 In effen hjir fortelle.

Nou sieker wier ek wist det net ,  
 Mar 'k hearde wol ús bûrwiif Tet ,  
 Dy hie 't wol ien 'e kieker ,  
 Det maskerke saen vrijjer hie ,  
 In al hwet heal begritlik wier  
 For d' oare fammen sieker.

Sa roun ek lêstenjouns trocht gea ,  
 Der heard ek wet oer 't selde kwea ,  
 Mar 'k neam se net by naemen ,  
 Der wienen troude froulju by ,  
 Ja seinen noch al gâns tocht my .  
 Fen de Terhenster fammen.

Min hie hjir gjuds sa kraes sa kein,  
 Dy seach min hjir ek eltse snein,  
     Wol lâns de bûren draeijen,  
 Mei fry hwet krollen ien hjar hier,  
 En 't lyke jiffers nei de swier,  
     En krekt as rins up aeijen.

Sa heard ek hie min der ien faam,  
 Dy kryge jit vorziik, det kaem  
     De oaren ien hjar eare,  
 Sy kryje fen gjin feint ooit vraeg,  
 Mar wolle den oars ek wol graeg  
     Mei saen tsjeb feint forkeare.

Ei nou det scoe jins ek sa gean,  
 Hwet scoe 't jins âlde lju oanstean,  
     Ien feint dy 't iin lâns saeken,  
 Dy vrijt nou om myn dochter hjer,  
 Der bin se mei ien 't skik sie der,  
     As bint oars fremde snaeken.

De feinten bin der fest net goed,  
 Ef ha se net sa folle moed.  
     Dyt nei de fammen tigchen,  
 De feinten bin der oars net min,  
 Mar inkeld krijt er 't ien yn 't sin,  
     Dyt der ien set up weagen.

Nou wit min det voarút ek net,  
 Saen moaije faam der sin oan het,  
     Mar feinten ha ek sinnen,  
 Sa heard ek det det vroumis sei,  
 Mar sokke fammen jaen ik wei,  
     Dy moaije wiise hinnen.



Mar letter heard ik wer ien set ,  
 En wa ast docht det wit ik net ,  
     In 't is my liike folle.  
 Mar fammen 'k ried ta jimme best ,  
 In set vut oan san aklik lest ,  
     Mar út it hert en holle.

Wes net begreatelik fen oad ,  
 Bekladsje min foarkeade daad ,  
     Up jimme earde suster ,  
 Went 't wut er v'ral net better van ,  
 In oars seit skielik alle man ,  
     Wat dwaen ús fammen bjuster.

Nou is det oars ek net sa moai ,  
 En 't jouwt foar troude lju gjin roai ,  
     Um der ien um to rieden ,  
 Lit det mar oan de jonkheit oer ,  
 Min makket faek sok volkje poer ,  
     Forgees sok bloed oan 't sieden.

Onthoud nou disse les fen my :  
 Lit vut oan faem en feint mar fry  
     Yn 't spil fen vrijen blieuwe ,  
 Der sjocht elts foar him sels yn ta ,  
 Wy wol sa'n motterij net ha ,  
     Jin namloas brjifke skrieuwe.

Ik wit noch wol do 'k vrijer wier  
 En altemets in vryster hie,  
     Det wier sa'n aerdich wirkje ,  
 Den vrijd' ik wer mei Syts ef Tryn ,  
 En altemets mei Griet ef Styn ,  
     En faek mei Tsjallings Dirkje.

Och fammen , dwaen mar krekt as ik.  
 Wês net to karich great fen skik ,  
 Lit oergunst foatoan wyke ;  
 Den sisse wy hjir yn ús gea ,  
 Fen gjin Terhenster faem wer kwea ,  
 Lit elts mei feinten stryke.

---

## DE ALDE FISKER.

Skelte , dy in fisker in derby noch ek ien fen dy stiive alderwetske Friisen wier , sa min noch sims inkelde fen dy alden oantreft , woe al folle syn eigen sin dwaen. Syn greatste nocht wier , mei 't boat yn 't wetter omdobberje , en syn breawinning fisk fange.

It jinge net fen syn bistan , der woe'r gjin praet fen heare. Hy wier nog ald feint , en libbe altyd yn selskip fen in hoan , dy de namme fen Schût hier. Domeny , dy in great ljeafhabber fen fisk wier , kaem yet wol ringen to praeten , om troch in fiks praetsje de ald feint yn tsjerke to krijjen. Folle fen syn libben hie er de tsjerke stean sjoen en foarby wêst , mar noait hie er wyten , ho folle koal er fen binnen yn forkoft waerd , noait hie'r der nog yn west , nou hie er him forskate kearen fortelle litten , dy yn 'e tsjerke kaem en forsoenlik wêse woe , ek yet wol in pear sinten yn it ponkje dwaen moast , en op dy syde hoefde min de alde net oan to kommen.

Op in dei , det Skelte oan it foekenaeyjen siet , kaem domeny der wer oan. „So , bist der al wer , jue ?” „Ja” , sei domeny , „daar kwam mij straks

zoo iets in de gedachte van de Galilésche visschers.” „Ja”, andre Skelte, „dy hawwe hjir jister moarn yet west, to seintoaijen, mar ik haw se raer út it lange gears wei rinkele, det scil 'k dy wol sisse.” „Ei neen”, sei de preakman, „jij verstaat mij niet. Ik bedoel zulke visschers, daar wij in de Heilige Schrift van lezen, en in de kerk verkondigen, en als jij daar nu eens onder mijne toehoorders waart, dat zou mij heel aangenaam zijn.” „Hwet seiste, je”, en omdat de fisker de hollanske tael net forstjit, moest hy yet wer sweachje. „Als jij nu in de kerk gean kunne, sal ik er folle mear van vertellen”; domeny forbriik syn tael hwet, en Skelte miende, det domeny oer syn bûrman, Tsjerk Jeans, praete. „Det dwaen ik net”, sei hja, „lit dy tsjirl sjen, det er sels fisk kriget, hy het Schût mei in groue stien op 'e kop smyten; ik kin dy sisse it wier allegeare bloed, en scoe 'k den him ek yet fisk bringe?” „Neen”, sei domeny, „jij verstaat mij niet, ik meen in de kerk.” „O, so jue, ho folle poun wounen jimme den hawwe; snoek ef iel. Blei haw ik op 't hédén net, en mûdhoan ek net; en do ik fen 'e moarn myn foeken by it tichtset fûndle, sieten er twa fol stjinnen. Mar dou praetste ek oer nachtmiel, Jan (sa hjitte domeny), mar ik en Schût yte ús jouns sêd en den gean wy lisen. Wy wolle nachts gjin frettery halde, en aste moarn ier to Snits komste, den koeste wol efkes tsjin Borneman sisse, det ik syn fisk bringe scil, en sjoch den ek effen by Langkwast, as dy ek yet ha wol; ik haw yet dikke mast sisse, hear. Me tochte detst nei hûs gungste, hwent wy matte nei de setangels yn Jentsjemar. Den kinst Sneintomoarn wol komme to kofje-

drinken, det altyd wêroan preekjen is mar gekheit; hwent as dy selde lju trou komme, en dy yet net ljeuwe wolle, hald den mar hird op, den is it doch mar gekheit en oars neat." Domeny gung foart, mar mei it plan, om yn 't koart wer to kommen.

Op in goede dei, det domeny wist det de fisker thús wier, stapte mynhear wer moed op de ald feint ta, dy oan 't foekenaeyjen siet.

„Bist der al wer, jue, do flochtst ek altyd mar om.” „Ei ja”, sei domeny, „ik heb nu aardig tijd te spreken over visschen.” „Wel God doarje Jan”, sei Skelte, „ik hab fen nacht yn Douwessleat in snoek oan 'e setangel fangt fen fjirtsjin en in heal poun, hwet seist der fen. De stok wier fordomd yn 'e midden troch britsen.” „Wel zoo”, sei domeny, „maar ik heb visschers gekend, die met de netten vischten dat ze het haast niet trekken konden, zoo vol visch waren ze.” „Dy wealich Jan, den wolle wy, ja ik en dou, der ek hinne jue, mar den mat ús net nin brik yn komme, hwent den helpt ús yet neat. Wer is det plak je?” „Jonge ik weet raad, kom den Sneintomorgen in de tsjerke, dan zullen wij de tijd en it plak ouspreken, forstean jo my yet wol?” „Ja, noust dou sa goed ús tael sprekke kinste, nou begryp ik it al, mar dan mat de oaren det net witte, oars koene dy der yet ek gebrûk fen meitsje.” „Daar zal ik voor zorgen”, andere domeny. „Mar Schût is sims wol hwet liik”, sei de fisker. „Daar moet jij op passen, en houdt die onder de bank”; en de man dy noait yn tsjerke west hie, onthjitte foarfêst oan domeny to kommen, op heap, fen in goede fangst stapte de fisker nei de tsjerke en hie'r syn tredde pypfol tobak omtrent ta 'n ein

smaakt, do domeny yn tsjerke kaem. „Dy dúvel Jan hwet bljouwste lang jue, hwet haw ik al lang op det plak wachte, detste my sise scoeste.” Nou wier dy moarn hwet ryklik folk yn tsjerke. Omdat hja wisten, det de fisker er ek yn wier, rint er in jonge de streek lâns „in snoek yn 'e skeakel, ek in alde fen trijensauntich poun.” Do domeny yn syn foarouspraek efkes oan helle hie: „werp het net aan de andere zijde”, hwent de preeker seach wol, det de fisker al fréslik op it gat om riid, fljocht Schût onder de bank wei, nei in fanke, det hjar klomp útfalle liit. Nou rekke det greate bist mei de kop en de foarpoaten yn in hoepelrök fortiisd, dy do des tiids de froulju droegen, sadet er yet twa stoven mei tēsten onderst boppe smiet, en in greate stoarje onder 't preekjen to weach brocht en de fisker frij hwet wirk mei syn hoan hie, seit tsjin domeny: „hald de bek effen, Jan, ik scoe op 'e hoan passe, mar dou meist de oaren alles net fortelle, det hast my omthjitten, en it oare kinst my thús wol sise.” Mar domeny liit mar ringen sjonge fen „hoe vreeslijk groeit, o God!” en hwet er by heart, en kondige dernei syn tekstwirden ou, en det wier: „in het huis mijns Vaders zijn vele woningen; ik ga heen om u plaats te bereiden!” . . . . „det liegste as de greatste skelm, hwent ik haw dyn faer wol kind, en dyn pake ek goed; dy hie mar in ald hús mei in stúpe er foar en rustrige fjoerpoat op 'e hird. Kom Schût, wy gean faot de man liegt!”

---

## Sangrige Atsje op toalf Juni fen ien entagtig.

De earmoed , och , begjint al wer ,  
 Hwet is 't in aklik tiid sjoch der ,  
 En 't wird yet folle slimmer ;  
 De bern tsjier' en flokke fen kom sa ,  
 't Gjit suver wer op 't selde ta ,  
 Krekt as forlyne simmer.

Hwet het min al in aklik krús ,  
 Sa'n lange dei de bern mer thús ,  
 Ik mat al hwet bilibje ;  
 Sa klei ik ider eagenblik ,  
 En earemoedsje , 't is in skrik ;  
 Ik mat mar altyd kibje,

Deis gean de manlju nei it lân ,  
 Mei harken , foarken yn 'e hân ;  
 Ik bljou er mar foar sitten.  
 Den kin 'k mar kibje en mar slaen ,  
 'k Haw suver oars hast neat to dwaen ,  
 As op de bern to fitten.

Det slacht en fljocht mar yn oar om ,  
 En . . . as ik mei in ryske kom  
 Den sette s' it op in rinnen ;  
 Den sit er wer ien yn 'e sleat ;  
 Hwet binne dochs dy bern forkeard ,  
 Ris neat oan to bigjinnen.

Den slaen se wer de glêsen yn ,  
 En Jaring terget Sake Tryn ,  
 Ik ha 'r hwet mei to stellen.  
 Se skurr' eltsjar de klean oan grús ,

En deis den sit ik yn sa'n krús,  
 Hja bljouwe dom as kjellen.

Klaes hie de poat mei brij lêst deis  
 En Jan in great stik rikke fleisk  
 Yn 't baergedrinken smyten,  
 Hjar Jaen, de haon, in stik fen 't spek.  
 't Is foar ning haon gjin baergebek  
 Mar foar in minske t' yten.

Ik bin er altyd ek net by,  
 Mar 't is in aklik tiid foar my,  
 Det doch ik jimme wyten,  
 Ik wyt my sels faek hast gjin rie,  
 Omdat 't de hoan syn jierdei wier,  
 Jowch 'k de bern spek to iten.

Ik haw dochs ek mar effen sân,  
 Dy jow my wol hwet oan 'e hân,  
 Der ha 'k hwet mei to kletsen;  
 En 't bin dochs allegear myn bern,  
 Mar om 't sa langer oan to sjen,  
 Ik haw myn nocht fen 't swetsen.

Den klei ik jouns wer oan myn man:  
 Och hea noch ta, ho mat it Jan,  
 Skjin bin 'k er my forlêgen,  
 De bern mat wer nei skoalle ta,  
 Hwet scoe we den in nocht wer ha,  
 Det wier foar ús in ségen.

Nei skoale gong se elts syn bar,  
 Sa is er oreljier faot mar,  
 Deis ek mar treddeloere;  
 't Is net foar neat det ik sa klei

En det de heale lange dei ,  
Hwa scil de bern sa stjoere.

Moarns den kin 'k de greatste bern  
Wer nei skoale ta gean sjen ;  
Mear kin de man net bergje.  
En het de klok ien ûre slein ,  
Bigjint hja mei de jonger ein ,  
En master net mear fergje.

Der bin sa ryklik sauntich bern  
Der de helft net yn skoale kin ,  
Mei earemoede sitte ,  
Ik ha foar neat net sa'n geklei ,  
Ef tink' jimm' det it sa mar mei ,  
En alles slûre litte.

Min makket ek de master min  
En as 't den langer sa mar kin ,  
Wudt dy de skult ta smiten ,  
En leart de man ek net sa best ,  
Den wiit it faek noch up it lest  
Him foar de kop forwiiten.

Det mat yn dit gefâl oars net ,  
Omdet de man ambysje het ,  
In nocht um bern to learen ,  
Min kin 't wol foar jins eagen sjen ,  
As det nou net foroare kin ,  
Hwet helpt den syn studearen.

Der lai al lang 'n plak groun foar klear  
Mar det wud nou noch eltsje kear  
Wer troch det fé oufretten ,  
D'r is ek noch neat gjin sân oerbrocht ,



En stien der woar ek net um tocht,  
 't Is allejer forgotten.

Ef skilt det faeks oan ús bistjoer ,  
 Gjit derom mei it bouwen oer ,  
 Wa kin my det fortelle ?  
 Wer is den 't earste jild wei foun ,  
 En oan de âlde eigner joun ,  
 Wer is det jild wei helle ?

Ef woar er faeks noch up fortroud ,  
 Det Sintneklaes ien skoale jouwt ,  
 Wer kumt it dochs fen dinne ?  
 Wy binne hjir det slûren ba ;  
 Mar scil wy greater skoale ha ,  
 Den mat se er mei begjinne.

Ef moat de steaten det net dwaen ,  
 Moat dy ús hjir in skoale jaen ?  
 Mocht Sintneklaes ús blouwe ,  
 Den mei 'k wol nei de keuning ta ,  
 Wy moat ien oare skoale ha ,  
 Us bern mat lëss' en skrieuwe.

Ef skilt it oan ús persoanniel ?  
 Betelje wy net goed ús diel ,  
 Det freachjen ek de âlden ,  
 Mar o det het ús faeker let ,  
 Ja wit mei boer in kamenet ,  
 De skoalle wol to hâlden.

Ef mat wy langer oan ús bern ,  
 Oars neat as domme bargaen sjen ,  
 Det bin ek raere winsken .  
 As weinje wy hwet achter-ou ,

Den sjocht ien oar yet ek al gou,  
 't Is doch hjit slach fen minsken.

Och âlden stel ús nou ris foar,  
 Us bern dy scil ris nei ien oar,  
 Den krij we det to hâlden,  
 Hja learden yn hjar berntyd net,  
 Nou is 't yn ienen mar to let,  
 Den leit de skild oan d' âlden.

Wy ha yn ús grietnije bern,  
 Dy yet al gâns fen 't franse sjen,  
 En 't Dútske ek noch leare,  
 Fen 't Ingels bin se ek net fry,  
 De gymenestiik der ek hwet by,  
 Wet soeden ús bern beare.

Wy needje net saen heegin-ien.  
 Behoarlik wei fen kalk in stien,  
 Hwet hout en ek hwet yser,  
 Det hoeft sa moadrich net yn 't fjild,  
 Bisparet fen 't onnutte jild,  
 Us bern dy wudde wiiser.

Forgjit de lange dagen net,  
 Den is er gau ien skoale set,  
 De timmerlju hwet machtig,  
 En as ik jimme ryde mei,  
 Forgjit den net de langste dei,  
 En klear yn ien en tachtig.

Den sangerje 'k gjin oare mear,  
 Hwent sjoch 'k de nije skoale klear  
 Den scil 'k myn likens stille,

Den kin min schielyk oan ûs bern,  
 Noch ek ris hwet goeds fen sjen,  
 En master het ek wille.

---

## IT SLACHTSJEN.

Wy ha nou gouw de tiid wer hân,  
 Det folle fen de boerestân,  
 Dyt koe die woe hwet slachtsje,  
 En ek wol fen de boargery,  
 Der het min ek wol minsken by,  
 Dyt hjeastmis derup wachtsje.

De iene in schiep, d' oare in Drint,  
 Sa as it slachtsjen faek begjint,  
 Det vien ik net onarich,  
 Min het er ek wol boeren by,  
 Dy slachtsje hele dikke kij,  
 En simmichge ek ien baerich.

Mar oaren hawwe yet ek wol,  
 Hja slachtsje lang gjin tontsje fol,  
 Omdat se det net kinne,  
 Gjin iens in schiep en ek gjin keal,  
 Mar bin sa earm as in swael,  
 Wer mat den sokke hinne?

Hja mat der stellich ek mei ta,  
 En scil we den ien winter ha,  
 Det 's fêst ek net fen 't beste,  
 Den heart min faek net eltse dei,  
 As jerremoede en geklei,  
 En nachts mar sjover reste.

En ek gjin klean oan foar de kjeld ,  
 Mar schoai in patje mei geweld ,  
   't Bin allejer gjin Lāme ,  
 Mar sokke ite simmerdei ,  
 Den krekt sa hud it jild wer wei ,  
   Fij, 'k hie me ljeawer schaeme.

Mar och, dy ljouwe slachtsje net ,  
 Hja krij ek net to folle vet ,  
   Det kin 'k ek net forgjitte ,  
 En ien dy 't better barre mei ,  
 Dy jaen oan sokke ek hwet wei ;  
   Min mei hjar net forstjitte.

Tsjal Oebles sei : ja bûrman , nou  
 Freed , den slachtsje wy ús kou ,  
   En dy scil Folkert slachtsje ,  
 En nije wieke kin 't gjin kwea ,  
 Den mat ek wis ús bargaen dea ,  
   Den kin 'k mei keapjen wachtsje.

Hwet ha 'k in flêsk en spek al kocht ,  
 Derfen hie 'k sa skjin myn nocht ,  
   Det kin 'k jo wol fortelle ,  
 En 't kost me ek mar fryhwet jild ,  
 Det adich by forlien jier scilt ,  
   En yet net mar bistelle.

Forlien jier seis, ja yet ien stoer ,  
 Kocht min sums flesk net rare djûr ,  
   Det keap ik up 'e Jouwer ,  
 Den kaem se faek wol by ús doar ,  
 San stûren jild it riesel smoar ;  
   Mar nou , gjit fryhwet grouwer.

Ien slachter jowt sums oan in boer ,  
 By 't libben ek wol achtjel stoer ,  
     't Het ek gjin roai noch lieke ,  
 My tinkt saen man is mear as gek ,  
 Saen djûre ienkeap foar it spek ,  
     Der hja de kost mei siike.

Den kryt hja sims 't beskiid der by ,  
 Né slachter , hjoed mar net tinkt my ,  
     Mei 't aadsje op 'e nekke ,  
 Den jowt suk sjouwen ek al neat ,  
 En 't ston foar slachters ek forkeard ,  
     Hja scil er net fen sprekke.

Sa kaem by ús ris fen de klai ,  
 Ien boer mei 'n hiele boel lawai ,  
     Yn 't wetterlân to wenjen ,  
 Hja molk sa'n stik ef fjitsiin, kij ,  
 En brûkt er ek gjin boden by ,  
     Den wie hja fry fen ljenjen.

Nou is 't ek al in jier twa lien ,  
 Do is 't de moarns der núver gien ;  
     Dy boer dy woe hwet strûpe.  
 De bûrman gung der gou op ta ,  
 Gjit op 'e klai it slachtsjen sa ?  
     Jins moed scoe jin bekrûpe.

Dy man hie 't mes klear yn 'e hân ,  
 Det hie 'r slype mei forstân ,  
     Wer bûrman kwea út tochte ,  
 En as min al hwet tsjin him sei ,  
 Hja hearde súver nearne nei ,  
     Hwet as min him ek brochte.

Syn wiif wie al fen 't hiem ouflein ,  
 Mei 't bern al nei de bûrman tein ,  
     Hwet wie hja fen de wiise ;  
 De boer dy raesde: hy scil dea ,  
 Troch niidich wie dy man en kwea ,  
     It scoe je wrichtig griise.

Min sochte ek al by syn kij ,  
 Mar der wier ek gjin slachtbist by ;  
     Do ward net folle better ,  
 Ien baerich hier gjin ien der leth ,  
 To minsten dy wie lang net vet ,  
     En ek gjin siedend wetter.

In slaechtbank ston er ek net klear ,  
 En hakstok hier , ek net ien mear ,  
     Hwet hie min nou al siike ,  
 De boer wie raesend by de rûs ,  
 Mar hie oars ek net ynne hús  
     Det up ien slachtbist liike.

Do fraegden âlden oan hjar bern :  
 Hwet is hjir sa betyd to sjen ,  
     Wer scil dy man dochs hinne ,  
 Sleat yn, sleat oer, sich min oer 't lân  
 Ho hud as der in tsjirl roan ,  
     Hwer kaem dy doch fen dinne.

Hy roan haest hudder as hy koe ,  
 As hy syn libben hâlde scoe ,  
     De boer dy woe him snije ,  
 Mar hja koe hudder as de boer ,  
 Sa hâld de man syn libben oer ,  
     Gjin slachter koe him krijje.

Min reisge hastich nei Langwar ,  
 En helle de polysje mar ,  
 De slachter altears sochte ,  
 Syn bargjen det wist ek noch rie ,  
 Dy 't hokje sels noch sletten hie ,  
 Der baes sa net oer tochte.

Sa gouw as de polysje kaem ,  
 En 't great spiktakel der fornaem ,  
 Do woe de boer wol wachtsje ;  
 Hwet scoe je mei dy tsjirl dwaen ,  
 Woe'n jou dy man in deastek jaen ?  
 Dy meije jouw net slachtsje.

Sa is 't nouw in tyd lang gien ,  
 Do is er gâns oan 't slachtsjen dien' ,  
 Ek onder folle boeren ,  
 Hja broachten faek ek folle mear ,  
 As iin past oan hjar lânmyrhear ,  
 Sa is 't ek noait to stjoeren.

De 't folle boeren ek net past ,  
 Det pountje bûter 'n stoater kost ,  
 Der scil z' net lûd fen roppe ,  
 't Mei wol wer up de âlde foet ,  
 Den gjit 't de measte boeren goed ,  
 De goede tyd hwer boppe.

Hwent oars den kin wy det wol sjen ,  
 Det de ien d' oare slachtsje kin ,  
 En 't jouwt in rare maeche ,  
 En derom tinkt my net mear sa.  
 Mar bliid det wy it libben ha  
 En wy mat eltsjoer dreache.

Den falt it libben ús net swier ,  
 Den hawwe mei eltsjoar plesier ,  
 Det is nei myn sin 't beste ,  
 En derum tocht ik disse joun ,  
 Hie 'k dit net onadich foun ,  
 En litwy 't slachtsjen reste.

---

### *De faem fen in slang stilsen.*

To Riskenbirch der wennet in man ,  
 Mar kwea forneamd , bikend als Jan ,  
 Hy melkt yet al forskate kij ,  
 En hynsers hâld er der ek by  
 Om se daegeliks to brûken ,  
 Hy past ek tige op syn fé ,  
 En hie er den syn waer wer ré  
 Den h'r sims yet gâns to lûken ,  
 Mei in weinfol nei de wykmerk ta ,  
 En wol min den syn gûd goed ha  
 Den wier er fréslik op syn skik ;  
 Den ropt er wol sa lûd as ik.

Mar in boas wyfke hier er ek ,  
 En hja is op dit eagenblik  
 Wol aerdich by de pinken ;  
 'k Mat sisse 't is in flinken.  
 En den forskate greate bern ,  
 Dy er komt dy kin se sjen.  
 In dochter onder alle  
 Scil elts wol goed bifalle.

Dy faem woe eltse feint wol ha ,



Hwent mannich feint dy spriek hjar ta ,  
 Ho as it hjar ta lyke.  
 As hja hjar is forsyke.  
 Sa kaem hja folle op 'e wei ,  
 Sa wol hy joun as oer 'e dei ,  
 By in pret ef oare grappen ,  
 Wier hja meast al op 'e lappen.

Nou heard min jamk wol fen dy faem ,  
 Det as in feint by hjar is kaem ,  
 Den stits it hjar yet wol hwet nou ,  
 Hwent mannich feint dy krige blou ,  
 Sa det dy feinten wol ris seijen ,  
 Det sokke wiise hintsjes leijen  
 De aeijen wol ris bûten nêst ,  
 Sa gong 't mei hjar yet ek op 't lêst.

Mar by hjar alden yn 'e hûs ,  
 Der die s' hjar wirk ek bij de rûs ,  
 Sa det hjar beide alde minsken  
 Noait gjin better fanke winsken.  
 Nou koe hja krije in plak yn 't fjild  
 En koe hja den in bulte jild  
 Fortsjinje by in oar ,  
 Det kaem hjar net onaerdich foar.

Sa det s' hjar frije teugel hier,  
 En sels den hwet baes mear wier.  
 As wier 't mar mei de frijery ,  
 Det het min sims wol feinten by ,  
 Det faek ek folle alden ,  
 Net 't mearste sims fen halden.

Nou tocht mem det det wol koe ,  
 Det hja 't yn hûs wol rêdde scoe ,

Omdet er noch ien dochter wier ,  
 Der hja it wirk den wer mei die.

Sa kaem hja by hjar alden wei ;  
 En nei det as in oar my sei ,  
     Den stie hja der to sté as frou ,  
     Hwent alles gong der op hjar ou.  
 In winkel en forkate bern ,  
 En om alles goed den nei to sjen  
     Mei naeijen en mei stopjen ,  
     Hier hja frij hwet to forkropjen.

De winkel , keamers alles moai ,  
     Hjar baes wier bêst to fréden ,  
 En net ien dei wier hja ek loai ,  
     Hja hieden ek noait réden ;  
 Mar ien dy oppast by in oar ,  
     Dy kin 't der ek wol hirde ,  
 Mar 'n patje nimme hjar faek foar ,  
     Deth wolle baesen wirde.

Mar hja wier altyd troch in dei ,  
     Oeral yn oppassend ,  
 En as hjar baes er hwet fen sei ,  
     Den seijer 't is in krassen ;  
 Det yn hjar wirk den wier hja bêst ,  
     Fen det oan geande , tige.  
 Mar der hja dochs yet yn it lêst ,  
     In rare misset kryge.

Hja hier hjar hwet to goed fortrout ,  
     Hja wird er frij hwet drierster.  
 Hja hie to heach hjar sels biskowd ,  
     Sa kaem it mei dy fryster.

Mar och , it wier by jountyd west ,  
 It sintsje wier al onder ,  
 Hja wier der yn in slangenêst ,  
 Hwet trof hja der it wonder .  
 Mar 't wier net in slang dy 't hoepte ,  
 Ef ien dy stil laei onder 't strie ,  
 Ek net iens in slang dy 't krûpte ,  
 Mar ien dy op syn skonken stie .

Hjir waerd earst ek net oer praeten ,  
 Mar it gjit wol faeker sa ,  
 As min 't goed het yn 'e gaeten ,  
 Mat elts syn pakje hjir wol ha .  
 Hja kaem der by hjar baes wer wei ,  
 En koartsich wier se dei oan dei ,  
 Sa det hjar beide alden  
 Tochten swier forkalden .

Sims sa 'n pyne yn hjar kjiszen ,  
 Den wer pyne yn it ear ;  
 Ja it wier om sa to siszen  
 Lang dy selde faem net mear .  
 Oas den wier hja altyd fleurich ,  
 Dy foarhinne flugghe faem .  
 't Yet mar altyd weroan treurich ,  
 As er immen by hjar kaem .

En frége den hjar mem oan hjar :  
 Fanke , och , hwet scoe dy skeele ,  
 Leave , toe , och sist mem mar .  
 Mem , jo kin 't jo wol forbeele .  
 Mar 'k bin forkalden , det is wier ;  
 Det haw ik om nijjier al krige ,  
 Do hieden wy sa'n bult plesier ;

En syker wy formakken ús tige.

Mar 't wirdt yet tinkt me ek net slimmer

De moaije daegen komme gou;

En me rekket yn 'e simmer,

Ek wol fen sa'n kwael hwer ou.

Och, det scoe to winskjen wêse,

Sei mem, sa'n siekte is net nocht.

Oars mak det resept ris lêsze,

Hwet min oan dy kwaelen docht.

Hja wist hjar mem ek to forriefjen,

As ljeuwde it minske 't oars net licht.

Deis hwet mei hjar klean om niefje,

Stryk s' hjar mem de eagen ticht.

Hja kryg' ek wer nocht oan merkgean,

En mei feinten oan 'e sjou,

Det wier better as hjar tsjerkgean,

Domeny wist hja net fen ou.

Mei de merk ek net forlegen,

As wier hja do ek mar healgear.

Do de feinten hjar mar frégen,

Do wier det yn ienen klear.

Hja woe ek in dei twa ryde,

Mei in hynser en in sjeas,

En in flinke feint op syde,

Och, hwet ried dy faem do kreas.

Dounsjen woe hja net fen heare,

Det foel hjar syker al to swier.

Ien kear hie hja 't mar bibjerre,

Der oan hie hjar gjin plesier;

Mar in dei ef sântjin letter,

Ier, it wier op sneintomoarn,  
 Do waerd hja foat al frijhwet better.  
 In jonge slange kaem er oan.

Riskenbirch yn rep en roer,  
 Hjar mem wier fen de wiise;  
 Hjar heit wier op hjar mear as poer,  
 Om de faem den scoe 't je griise,  
 Hjar heit to skelden holp him neat,  
 En mei 't jing wiif stie it net forkeard.  
 Ho as hjar mem ek snette,  
 Hja is fen sels wor bett're.

#### OAN DE FAMMEN.

Jonge famme wês to nei sa slim  
 Pas foaral mar goed op him,  
 En tink mar goed op d' alde slangen,  
 Om jimme net yn 't nêst to fangen,  
 Hwent as hy jim ienkear het,  
 Den komt neiberouw to let.  
 Sa is 't disze faem ek gien,  
 Dermei is det stikje dien.

#### HWET FEN 'T LIBBEN FEN WYBE.

Do Wybe jongfeint bigoun to wirden, wieren de  
 measte jongesknepen al hwet forgien, howol yet  
 folle setten die, hwermei syn alden alles bihalve yn  
 't skik wieren, troch det de lju allegearre mear  
 lêst as nocht fen him hieden. Hy wier ienichst soan,  
 n leare der wier gjin seth op. Hwet er die, it

wier lêst in oar en syn alden oandwaen. Syn alden wieren knappe bakkerslju, en det hjar soan him yn 'e bakkerij ek bihelpe koe, mei alles hwet lekker smakke, (boltsjes hie'r de boesen faek fol fen, en den dy beste fyne koeke, ho er der plak foar wist) wier wonder to sjen. Sintneklaesdei sûkergûd en 't beste taei, det smakke him as in hongrige hoan in stik fleisk, den koe er de namme fen Wybe fretter hadde. Nou koe er den oars, as er sêd wier, ek hwet meidiele; det wit ik omdet ik er sels faek fen profitjearre hab. Dom wier er. Plesierich wier er oars ek wol, mar net alte alte, ja om rjocht út to praeten in leffet, sa det ik him wol ris foar boantsje lap hân hab. Hy wier nou al ryklik tweintich jier en frouljesfleisk by him bigoun al frijhwet oan to groeijen. Faek in rie pleagje mei syn spylfeinten, om hjir ef der in set op te weachjen, det niunken lytsen ek oangong. Men hie in faem foar him út-sjoen, dy hwet heel keken wier. Knap wier se, det min foarút wol tochte, det hja de wyn fen foaren krije scoe om 't men ek wol wist, det hja oan eltse finger wol in feint krije koe. Klaes Oebeles wenne by 't tredde soalhout to Sydebieren. Dy hie in núvere stjeppen dochter yn 'e hûs, dy Tryn hjitte. Der teach dy omkoal op ta, mei in boarst sa wyt as snie en in moai pak klean oan, nij fen 'e nulle, tjuster as de nacht. O, hwet tochte er him hwet foar, hwet hearlike nacht hja bilibje scoe. Mar wa, scoe min tinke, het er altyd nocht oan, om in oar yn 't leach to loatsen. Der hie min by it iêste soal, der de freijer oer moast, in goede opsochte rûskene, der wol in kou yn smoare koe, flak foar it soal hout en der gjin mis op wier, ef de feint moast deryn to lanne

komme, omdet er ek net sa ier wier, en de tyd fen sjen it him ek net gunde, stroffelt er der plat foaroer, sa lang as woechsen wier, yn det ongemak. „God help!” röpt er. „Dy is slachter to Snits”, andere him ien ta, dy yn 'e onderwâl, der net fier fen ou laei. Hy kleauwde it hoekje wer to böppe, en stoarmde sa, hwent oan skjinmeitsjen foel net to tinken, nei de doar yn en röpt er folk. De doar waerd him op dien, mei in „kom mar yn” waerd er ontfangen. Stel jimme hjir yn in plak, det in knappe hûshaldster tabiheart, ho gjit it by folle, as de houn mei smoarge poaten yn 'e keamer komt, as de boaden mei smoarge sokken, dêrom sei de boer ek mei rjocht tsjin Wybe: „Er út do, smoarge feint.” De frijer gjit, fol spyt en tagelyk ek fol grimmitigens det er yn ien reis twa kear smoarich wei kaem wier, nei hûs ta, der syn beste mem oars net thús krige as lange Wybe, en in tige by tige smoarich pak klean. „Fij jonge”, sei syn mem, „it gjit er my fen ta de teannen út, det me dy sa to fiter hawn het. Wist ek hwa det lapt het?” „Né mem, oars wit ik net as in slachter fen Snits” sei er, „en de heit fen Tryn het me de doar útjaege. Wy wol er gjin praet fen hadde en úes dea stil halde den wit net ien er hwet fen; en yn koart wol ik er dochs wer op ta, mem; hwent och héden, jo moasten ris sjoen ha, ho Tryn me talaeke.” Do Wybe det sei, waerd mem hjar bloed hjit, en sei: „Det wol ik wol leaue, hja het dy, koalom, útlaeke, omdet se dy yn de koue-aeijen loast ha. Do scoest dy nacht wol in lekkere stjonker by sa'n faem west ha.” „En ik wol er mei gouwens dochs yet wer hinne, ik sjoch hja wol faeker en den freachje ik

hjar earst , den wit gjin ien er fen." „Dou matst it bilieven sels wyte", andere mem , mar ik scoe it dy net oanriede , hwent it koe dy wol ris minder ougean. De tiid forrint hwet , it wier Febrewaris-moane , en yn dy tiid hie Wybe fen Tryn it wird krige , om mar to kommen. Nou fréger oan syn heit , as er de jouns de rydery hadde mocht. Mar heit , dy ek al bang wier det it gean scoe as altyd , mar ek yet in stille heap hie , det it hwet better mei de jonge wirde scoe , en foaral yn 't frijen , omdat hja wol wisten , det dit noch al tear spil is , en hjar soan ek yet leaust as knappe birger , sa as hja wieren , foar it ljocht komme scoe. Hy krige it ja-wird fen heit en riid dy jouns om fjouwren troch de Haske. Wol waerd det hwet in omrit , maer it forbjustere it folk , om wer by Klaesboer's Tryntsje to kommen. Nou hie Tryn ek al ringen heard , hwa him de foariche kear det koekje bakt hie , disze kear hie de faem onforsoenlik genôch west , en hie de baorfeinten hjirmei yn kennis makke. Uetspanne by de neiste kaslein moast Wybe , yet in eintsje gean en frijhwet hikken en stekken oer en om hinne kladsje , en de measten , sa as by folle de boeren gjit , wier it omslaen fen 'e spykerpinten forgetten , ef latten mei spykers , om 't stikkenrossen fen de hynsers. Hy waerd yn 'e hûs mei in frjeunlik „goê joun" ontfongen , det frijhwet by de oare kear forskilde. In lange piip en tebak , det do mear as nou mode wier , dampte de feint al ringen , det it roêt him yn it hier hong , mar tagelyk ek switte fen angst om staesje to halden.

Hy hearde sa nou en den by de glêsen al frijhwet gepraet en by him sels hie'r ek al tocht , ho scil



det joun komme , mar hy heape yn stilte fen goed. Den wie'r gjin nead. Nou hie'r ek al forskate kearen mei 't kopke omjitten , al frijhwet op 'e flier en klean falle litten fen dy beste kofje , det de einepieken foar de stoel fen de frijer wol siele koeden. Der kaem yet by , det de feint syn waslearne leasens frijhwet modrich wieren , sa det it ien mei it oar in foege moeras bigoun to wirden. De boerinne hie al to mets al ris om de hoek fen de tafel loerd, en koe hjar hast net ynbyne , det hjar dochter ek wol sjoen hie ; mer mei skodholjen hjar mem hwet yn bidarjen halde , sa lang det it folk nei efteren gong to oufaorjen. Do bjgoun mem op to siszen tsjin hjar dochter : nou hab ik dy dit to siszen Tryn, as t' nou gjin oare frijers krije koeste , den scoe ik my ynbyne , mar der 't se ús de leane swart halde kinne , scoest dou dy mei sa'n smoarge soeg fen in feint net bemoeije , hwent as dy hjir hwet komme scoe , den scoe ús keamer er gou smoarger út sjen as nou ús bargehok , en nou sis ik dy plan út , det dy feint hjir net wer binnen doar komt. „Hwet jo der sisse is wier mem” , andere Tryn , „mar ik bin wer ik bin , ik leau ek det er op my rint om by my to kommen , en ho folle brjifkes ik net fen him krige hab , det hald mei in tweintich net op , en nou hab ik him hjir komme litten , om ek foar goed mei disze kear fen him ou to kommen ; en omdet er hjir de earste kear in bytsje mear as blou op die , scil er joun foar al syn moeite om my , bileane wirde. It folk gong nei bêd , en 't pear wier mar krekt mei hjar twaën , yet net iens to sit , der de faem ek al hwet mei wachte hie , hwent by him sitte woe hja net , lit stean om him onder de noas

to stjitten, ef der waerd al tige op 'e doar bonsd, en se rôpen bûten doar: Tryn, lit ús yn, der de fryster mar al to goed mei bikend, en det er ien by wier, der de faem wol agtjin eagen mei blyne dobbelstjinnen op goaide. „De lampe út en er net yn jue”, sei Wybe, dy de griise al oer de groue gong, en ear de stakker er om tochte hieden se de frijer fen Tryn by de lirven, en det wier mar, fen dik hout saeget min planken. De frijer, net bikend yn it boerehûs en tsjister, roan hals oer 'e kop yn 'e gröpoe, dy ek yet in klapke fen in kou krige, det him net jokke. De bysfeinten holpen him sa folle, fen de tredde kau fen foaren, ta de lêste ta, der Frearik opstie, mar altyd de gröppe lâns, sadet syn troanje en klean, frijhwet fen headong hieden slaen woeden se him net, om sels gjin smoarge hannen to krijjen. Mar se jowchen him it boartskip mei: As t' net makkest detst op 'e dyk komste, den kin it bêst wêse, det we koekedaei fen dy meitsje. Rinne as in kat mei ien eag oer hikken en stekken kaem er yet foar 't opsizen by de kaslein, der syn rieuw wier. Mei in greate ontsteltnis komt er, sa as min ek wol tinke kin, binnen, en sei: nou bin ik yet nooit fen myn alden sa troch de mosterd fitere as by dy lompe boer. „Scoeden jo it ek mis hawwe”, andere de hospes, „miene jo de gröppe ek, en troch de ougong fen de kij fitere; as ik jo goed beskou den het lêste er folle fen; mar wy scille it slimste hwet skjinmeitsje, it oare kin me dochs net yn iens krije, omdet syn moai pak klean det er oan hie, mear op fôdden en fladden lyken, as nij fen 'e nille. It aller raerste waerd hwet ouspiild; de rûk bleau dêrom it selde. Nou earst in goede

slok, en yet ien, it kaem op in romerfol net oan, det wirke sa kreftig op syn gestel, det er nei hûs scoe, mar de frijjer net yn steat wier, om syn hynser to stjoeren. De focht fen Skiedam en de sliep wirke nou mei in oar, en omdat er ek folbloed Skiedammer wier, sakke'r roangear onder 't spankleed fen de seas en sliepte rêstig, wylst it hopke fen de beam pluesjen. Mar hwa is nou de gelokkige fyn-der fen sa'n spil.....de pelisje. Dy brochten hândich hja r fynst yn de skitstâl. Mar hwet bard nou. Mei det stjitten en stompen op dy groue balstjinnen, en foral oer de drumpel fen dy stal, hwent me kin begripe det it net in dageliks trochreed is, wird de feint wekker en mei in grou flokwird, det wol frirtig poun swier wier, barst er los. De goede man, dy net tocht hie det er hwet onder it skoatkleed laei, springt fen kjelte efterút, en komt op 'e reach yn 'e sleat to lanne; en der dy sleat malle wiid en djip wier, foroarsaeke det frijhwet moaite om de man er út to krijjen. Yn dy tiid makke de feint rjochtsomkeard en naeide út in fjouweren faort, en do syn forstân, altyd sa folle as er hie, wer by eltsjar wier, do stie er yn 'e bakkery to skriemen, hwent

Hja seach nei syn nije broek;

Der wieren gatten yn.

Syn festje en syn syden doek

Det hab ik fen dy Tryn.

Syn jas dy wier oan alle stikken,

Syn pet de kleppe ou;

Det hie er krige by de hikken,

Hwet hie'r ek dochs in sjou.

Syn ketling fen 't haloasje foat,

En 't jild wier algear wei,  
Do seach er nei syn oare gûd,  
Ried yet is hwet hja sei?

Och sei er, as 'k it witten hier.  
Det bloau 't er mar fen ûr;  
Det Tryn my sa biskiten hier,  
Den woar er sufer pûr:

Mar letter is hy dochs yet trouwd,  
Mar 't het him fest net smakke,  
Hja is to minsten malle gouw  
Hwer by syn wiif wei rêkke.

Hwent hy hie net in krumel leard,  
En hja net folle better —  
Do stjit yn 'e hûs al gouw forkeard;  
Hy is foar' tein oer it wetter.

Nei Amerika ta gung er,  
Hy wier foar ues Fryslân bang,  
Forleachen yn de frem to stunger,  
En lib er net sa malle lang.

Hy heth der in grêfstjin kriche,  
For de Frysen bakt hy brea!  
Nou bakt hy foar de wjirrums tiige,  
Nou is Frysce Wybe dea.

---

## **De âlde stritskrobster.**

Och fij, hwet is 't in wealichs lest,  
Elst rint en draeft al wer syn best,  
Min kin net effen sitte,

Det 's winkellju en bollekûr  
 En pakkedragers wit 'e jûr ,  
 Hja flaene my de stritte.

Sims troch in dei mar tyge swaet,  
 En as men den gjin cinten bard,  
 Lyk as er folle binne ,  
 En keapje kin 'k altears net ,  
 As min er dochs gjin jild ta het ,  
 Den sis ik gung mar hinne.

As Maendei-moarn de dei begjint,  
 Ho hud ues winkelman den rint ,  
 Dy ropt mar by de glessen:  
 Dat 's kofje , té en ek tabak ,  
 Sûker , klonsjes , alles ha 'k ,  
 Frou , hwet mat er wesse ?

'n As Abe mei de karre komt ,  
 Dy het fen alles ek meinomd',  
 Hwet kin dy tsjirl sprekke !  
 'k Ha koeke, taai en allerlei,  
 Woartels, salaed en sûkerei ,  
 En kjellepoat fen Kekke.

Ik kom al fenne Jouwer ou ,  
 Hwet kin 'k jou hjoed forkeape frou ?  
 Ik ha ek moaije testen ,  
 Hwet haw 'k in grientespil meinomd',  
 't Is út twaloajes tûn weikomd ,  
 En hjirpels puke besten.

Den is 't sahwet in ûre lien ,  
 Ja man! den hawwe swatte Tryn ,  
 En hja docht v'râl gjin lichten ,

Dei frou , ik scoe gau effen sjen  
 As Tryn ek hwet forkeapje kin ,  
 'k Haw bollen faesk en tichten.

Der 't Jan noch seftkes sisse doar ,  
 Sa'n lapke , Jan in skelling foar ,  
 En det ding kost tsjien stûren ,  
 Is det gjin beste bokkebai ?  
 En linnen , 't is as lear sa tai ,  
 Bisgroenen foar de boeren.

En den is 't noch mar Tiisdeimoarn ,  
 Der komt de earste al wer oan ,  
 Mei kûren , 't is dochs bjuster ,  
 As dy net goed forkeapje kin ,  
 Den mat je det gesicht ris sjen ,  
 Den is't tsjien oer al tsjuster

Hjir folk ! sa ropt er den mar gou ,  
 Den is er noch in heel ein ou ;  
 Det's trije kear ynne wieke ,  
 Dy man , die docht um raek syn best ,  
 Mar hwa mei altyd ur saen lest ,  
 Der scil 'k in board forstryke.

Dy selde deis komt Sjoerd yet ik ,  
 Mar dy is altears goed op 't skik ,  
 Dy rint mei gûd fen Franke ,  
 Dat's bôle mei kaniel er yn ,  
 En koeke ek mei snipels fyn ,  
 Kom ! keapje mar hwet fanke !

Den hawwe Bearend poatens ân ,  
 Dy sjouwt troch 't heele wetterlân  
 Der matje faek om laitsje ,

Yn Bearens greate broek sims klaeid,  
 Sa is hja faek de diik lans swaeid,  
 En yn syn klinke baitsje.

En Reinskje dy komt yn de streek,  
 En hinne tonkje soans apteek,  
 Dat 's al saen djürre sjouwer,  
 En den Jehannes bjeangats Bet,  
 En den det bonkewiif, dy Tet,  
 Dy dwaen it yet hwet grouwer.

Lys tiepe teap is faek hwet djoer,  
 En Gerritsje slof dy swaeit er oer  
 Mei roateltsjes en fluiten,  
 En umkwoal mei syn skeane foet,  
 Mar willen lap forkeapet goed,  
 't Is allegjear omme duiten.

Hwent oars kaem hja ek net sa kras,  
 Mei 'n loadin koer fol gûd fen glas,  
 En 't mösterfet oan 't stokje,  
 Hwent hja kumt noait up balenboer,  
 Ef alles is wer út syn koer,  
 En hja gjit mei eyn fokje.

Nou hâlt de Skrift 't oars ek net stil,  
 Det min by brea net libje scil,  
 Min mei ek oars hwet brûke,  
 En dy 't yet net least troch in dei,  
 Altiid swiite bôlle mei,  
 Dy iet mar fiene koeke.

Gjin rinder docht it om de grap,  
 Mar allegjear om de happlepap,  
 Lyk as ik mei 't praeten,

Gjin domeny praet forgees sa fiks,  
 Gjin abbekaet docht hwet foar niks,  
 Hâld det mar ynne gaeten.

Ik klei net wer liik as ik die,  
 Mar 'k wist net det it hjir sa wier,  
 Den bin by minsken beste.  
 Mar haw ik deis de stritten skjin,  
 En âld in den jouns warich bin,  
 Den wol ik graeg hwet reste.

---

## AKSJE, EN NEAT TO DWAEN.

'k Kaem net lang liin is troch in gea!  
 It volk wier barre bot en kwea,  
 Mar oars in krease bûren,  
 Hûsen dyt 'k fen fjirren seach,  
 Beskoud ik do ris mei myn each!  
 En flinke boereskuorren.

Den tins ik um de handelsman,  
 De winkellju sa tins ik den!  
 Dat 's oars as leache wâlden!  
 It spoar, de tillegraef derby,  
 De leveransjus fen de ky,  
 Den bin wy fier forkâlden!

Den freagje sims oan my myn bern,  
 Sjoch heit, hwet tûr is der to sjen?  
 Den stean hja sa to wiisen;  
 Den sis ik, 't is al twa jier lien,  
 Is 't boppest nei de groun ta gien,  
 Mar nou is 't wer forriisen.



Den freagje hja my ek al wer :  
 Hwet dwaen de lju der allegjerre ?

Och, sa as 't bern sims kinne,  
 Den sis ik hjar fen Piet en Jan,  
 En wit 'k er den net mear fen,  
 Den gung 'k er mar ris hinne.

En do ik lesten deis der kaem,  
 Wier 't lang gjin nocht hwet ik fornaem,  
 Det skeat my fut to binnen :  
 Ik koe det frommis ek net echt.  
 Mar 't wier sahwet by Van der Fecht,  
 Hja sloud der yn de hinnen.

In stikken poat, in bloedrich kaem,  
 Wier det net lomp, sa'n greate faem !  
 Sa trinten, sa yn fjearren !  
 Ik frége daelik der de smid :  
 Det mins is fêst hjir ek gjin lid,  
 Fen beskerming fen dieren.

Och, sei dy smid, myn goeie man,  
 Der wit me hjir yn 't gea net fen,  
 Det neamt me hjir mar grappen ;  
 Der is ús gea alhiel fen fol,  
 Dy troch in dei net daoge wol,  
 Dy krijt onbiedich klappen.

Nou sei dy man der wol in wird,  
 Det wierheit wier, hy sloech mar foat.  
 Mei kreft, ja, wyt ho folle,  
 In swier stik ark, yn d' iene hân,  
 En foar de smid wier 't algear brân,  
 't Swit roan him fen 'e holle.

Glean wier dy man , ja mear as poer ,  
Sims soalde'r syn petij yn 't fjoer.

Oars koe'r him net oerwinne.

Ik seach wol , 't gong der divels raer ,  
Sims wier ik frijhwet yn gefaer ,

Hja stowden om my hinne.

Gefaerlik wier 't der wol foar my ;

Sa'n alleraklikst' fjochtparty ,

Ik scoe de doar útrikje.

Mar och , hwet hie'k in gong to min ,

Der kaem my 'n greate tsjirl tsjin ;

Dy woe der rûsje sykje.

Hy sprits dy fjochtersbaes der ta :

Och , tsjirl ! hear my oan , ik ha

In raere rekken krige ;

En det is op myn brjifke skrieun !

Det fen dy alde wein fen snieun ,

Fynst dou sa'n rekken tige ?

It skealt my neat , sa'n alde drint ,

Dy doar my foar in weinfol grint ,

My tsjokke warden swaeije !

'k Seach leaver de tsjirl fleach ,

Hwent tref ik him hjoed foar myn each ;

Scil 'k him de nekke draeije.

't Waerd tiid om my der wei to jaen ,

Troch lilkens kin immen it dwaen !

Hwet er faek wol tinkt to litten ;

'k Gung dalik fen myn plak opstean ,

Om den de bûrren op to gean ,

Hwent ik seach op de strjitten.

Det wier in hûs twa fen my ou ,  
 Der seach ik al wer malle gouw ,  
 Mar 't wier oars net onaerdig !  
 En 't wier nog effen foar de snie :  
 Do Wobbe der oan 't fjochtsjen wier ,  
 Och ! mei in wyte baerich .

Det dier det woe gjin stap foarút ,  
 Den krige'r houwen op 'e snút ,  
 Hy skodd' him yn de earen .  
 Den lûkt er it bist wer oan syn stirt ,  
 Mar wee , de barich woe net faort ,  
 It bist die neat as bearen .

Sa komt er ek in tjinder by ,  
 Det gjit hjir al hwet frjemd tinkt my ,  
 Scoe det net better kinne ?  
 Mar der ik dalik tsjin him sei :  
 Der jinsen gjit 't er oars om wei ,  
 Der mat je nédich hinne .

Der mat je hinne , malle gou ,  
 Hwent twa bitelje , ien der ou  
 Jou mat dy ljue mar skiede ;  
 Hwent as 't der op 't málste sal  
 Den helpt dy jonge him yet al ,  
 Hja matte beide bliide .

De man do mei syn bloue jas ;  
 Gung daelik op 't spiktaekel los ,  
 Mei 'n halding wúnderbaerlik .  
 Hwet is det hjir foar fjochtery ?  
 Dy man der jinsen seit it my ,  
 Dou krijst perses hjir daedlik .

Och hear noch ta , myn goeie man ;  
 Fen fjochtery wyt ik net fen ,  
     Noch minder hjir ien smoare ,  
 Ik doch hjir net in minske kwea ,  
 Noch minder dreige mei de dea ,  
     Ho jo det sisse doare.

Ja feint , det 's allegear praetery ,  
 Dy tsjirl seit er yet ek by ;  
     Det kinst hjir daelik heare ;  
 Do hiest dyn hânnen mear as fol ,  
 Dy jonge help dy sims yet wol ,  
     Jim bruiden him to gearre.

Och tsjinder , det is divels raer ,  
 Ljoust my den net , sykje op den maer ,  
     Do kinst hjir gjin lêst fyne ,  
 Sjoch alle hoeken hjir mar nei ,  
 En stjit er dy hwet yn 'e wei ,  
     Brui det mar yn 'e spyne.

Ik ha fordomd gjin kwea yn 't sin ;  
 En doch myn bêst sa hird ik kin ,  
     'k Mat switte , skreppe en skaorre ;  
 En do forwytst my foar de kop ,  
 Ik hald er mar unbiedich op ,  
     Det scil biwiisen wirde.

Ja feint , rop do mar net sa lûd ,  
 Bewiise scil 'k, det is my goed ,  
     Det spil gjit net yn dúgen ,  
 'k Gung daedlik hjir de búren yn ,  
 As ik dy selde man wer fyn ,  
     En det is hjir myn tsjugen.

Der kaem dy tsjinder up my ta ,  
 Ik ston der njonken Hielkema ,  
 Mei de ynne hân for d' eagen ,  
 En 't ienichst hwet er tsjin my sei ,  
 Det wie mar jou mat dalik mei ,  
 Dy smid is drok oan 't leagen.

Ijir , sei de tsjinder , is dy man ,  
 Dy wit 't begjin in 't ein er fen ,  
 Dij scil 't dy wol forklearje ,  
 En ik skriuw alles by eltsjoar ,  
 Der bin ik in polysje foar ,  
 Wy scilt mei dy bibjerre.

En ik fortelde hwet ek seach ,  
 En net in inkeld wud der leach —  
 De smid dy moast do swije ;  
 Hja hadde him ontsettend sleind ,  
 In jonge help sims disze feint ,  
 't Wier om saen ûr ef trije.

Nôuw seach ik earst dy tsjinder oan ,  
 Foarn nijjen ien fen Aldeboan ,  
 Mar hy kaem fier út 't suijen ,  
 Ik ljeuw , it wier in brichedier ,  
 Det kaem to minsten op 't pompier ,  
 De fan wier Leffet Buijen.

De man hie 't klear en 't heale ding —  
 Dy akte fen d' beskuldiging —  
 Klonk foarbetochte raede  
 Gepleagd troch mear as ien persoan ,  
 En manslach. Mis , nou is 't bedoan ,  
 Jouw akte het gjin waerde.

Né man, ik haw tsjin jou net sein  
 Hja ha hjir hjoed in tsjirl slein,  
 Det ha hjar ee sels yn fûge.  
 Mar foarbitochte rie das wier,  
 In hammer hie 'r, ontsettend swier —  
 Der maost hja wol forbûge,

Ik wier mar krekt hjir binnen doar,  
 De jonge sloeg, mar hja sloeg foar.  
 Den up in swier stik yser;  
 Mar ik bitroude my der net,  
 Omdat in fonk sims fjûr oanset,  
 Wes jouw to nei mar wyser.

Skriew jou to nei de akten goed,  
 Mar net wer as de dei fen hjoed,  
 De slachter mei syn barich.  
 Lit jou de smid foartoan mar slaen,  
 En mij to nei gjin skea wer dwaen,  
 Det is nei myn sin adich.

---

## **Hwet ik ynne wâlden belibbe, do ik er oer ys in dei west ha to iten.**

*(IN TELTSJE).*

Forliinen winter op in dei  
 Ried ik oer ys by úses wei,  
 Nei in doarpke ynne wâlden,  
 Om my der in dei to hâlden.  
 Ik ljieu it wier up Woansdeimoarn,  
 Ik ried by úses wei oer Boarn.

Nou hie 'k der ek net earder west,

To minsten net op rédens ,  
 De wiin ston my ek net to best.  
 Do wier ik mar min to freeden.

En 't wier ek fryhwet mistich waer ,  
 En 't ys by tyden ek hwet raer ;  
     Der kaem yet by sân wekken ,  
     Dy hâld ik ynne rekken ;  
 En fryhwet setten yn dy sleat !  
 Der wie 't to riiden ek forkeard ,  
     Hwent der wier 't ys forgotten —  
     'k Trof mannich sokke sletten.

Ik tocht as 't joun hwet tsjuster is ,  
     Den scil ik det ein rinne ,  
 Det wie foar my yet wol sa wis ,  
     Hwent ik wier mar allinne.  
 Min heart er winters yet wol fen ,  
     Dyt net foarsichtich binne ,  
 Op 't ys dy net foarsichtich ken ,  
     Dy gjit er licht mei hinne.

Sa riid ik foart , al gâns in ein  
 En by dy mist kaem ek al rein !  
     Do wudd' 't for my net better ,  
     Det kâlde snierich wetter ;  
 Onkinde brochte my fen 't spoar ,  
 Hwent ynne fremte kaem 't my foar ,  
     Wyls ik lûrde oan 'e syden —  
     Kaem der ek in man oan ryden —  
 Dy freag oan my wer mat je hinne ,  
 Yn 'e fremte hjir allinne ?  
     Ik sei : nei Terwispel ta !  
     Den mat je lang dit paed net ha ,

Sei de freun, der mat je riide,  
 Hjir oer de dyk en oan dy syde;  
 Der habbe jou in nije sleat,  
 Ryd mar net to folle faert.

Mar och, ik seach oars neat  
 As turfen en hwet tinten,  
**En den in mannich skiep, en yet in mannich drinten,**  
 Oors koe ik neat bieagje,  
 Mar hutten by de rûs!  
 Den moast ik wol ris weachtje  
 By sa'n wâldmans hûs.

Sa kaem ik by in wiifke oan,  
 Hja woe my gou hwet kofje skinke;  
 't Is sa'n aklik waer fen 'e moarn!  
 Ik ha noch brea en yet hwet drinke,  
 Yn der in stikje koeke by,  
 Hja tochte det wier goed for my.

Hja sei ues folk is meiënharen  
 Hjir oer de dyk en nei de waeren,  
 Nei dy wettermesjianne ta!  
 Wy moasten nedich stjinkoal ha,  
 De turf dy is hjir al hwet rij,  
 Sa praett' det wiifke foart mei my.

Nou freachje hja nei myn geloaf,  
 Ik rop hwet lûd, hja wier hwet doaf,  
 En as ik ek foar it goede wier?  
 Wyls hja my 'n klontsje yn 't kopke die.

Ik sei tsjin hjar, det 'k der al wier,  
 Det 'k myn geloaf net meinomd hie!  
 Ik tochte oars bigjint 't hja gouw,



Al healendál fen Adam ou,  
 Misskien oan hjiskenhúsen ta, —  
 Det praeten det foldie my sa!  
 En sei det 'k der gjin tiid foar hie,  
 Det ik dei oars nedich wier.

Ik bleau der yet wol twa ketier,  
 En hja fortelde my foar wier:  
 Hja tocht hjar lytste bern scoe steare,  
 En hja wist net hwet det mankeare,  
 Dokters koenen er neat oan dwaen,  
 En altaers doch mar gûd ynjaen,  
 't Wier súver in geraemte; sei sy,  
 En do 'k it seach, do griisd lt my.

Nou praete hja oer tsjoendery,  
 Hwent der wieren sims sa'n katten by  
 Hjar doaren en de glessen,  
 Det scil den tsjoenen wesse.

De duwelbâner hie der west,  
 En dy man hie 'r gans in rest  
 Krânsen út de kjessens kriige,  
 En det wie 't bewiis wol tiige,  
 Fen de healle tsjoendery!  
 Om der wieren kransen by,  
 Dyt in bult fen ljippen hieren;  
 My tocht det sy ðer hwet njoanter wieren  
 As by úses up it lân,  
 Minsk, it skilt oan jouw jou forstân.

Mar fjirder sei hja ek tsjin my:  
 Ho as der de tsjoendery  
 De minsken nei de groun ta brochteu!

En der folle 't net um tochten, —  
 Mer det it kweade minsken wieren,  
 Dy det wirk by hjarris dienen.

Sa'n man, dy trou for alle doaren,  
 Sy hja heale greate knorren  
 En op 't boarst fen 't lytse bern,  
 Wier ek gâns in bult to sjen.

De riften sei hja oan de linne,  
 Der kin je griinne plakken fiine,  
 En in stank, ik kin 't jou sizze;  
 Nachs by 't berntsje wol ik lisze,  
 En derby haw 'k in beste man,  
 Mar ljeuiwt hjir net in griesel fen.

Ik tocht scil ik hjir net hwet bleouwe,  
 En den ek oan tsjoenen ljeouwe,  
 Den gung ik ek ljeaver foart,  
 Mar ik freache effen om it wud  
 En sei: ha jouw der wol fen lessen,  
 Det er in minsk yn kâtte wessen  
 Up 'e wearild ek bestjit,  
 Sa as 't hjir by jimme gjit?  
 En den kin je wol begrype  
 Det sa'n man der út de Knype,  
 Helpe foar sa'n lyts berntsje wit,  
 Dyt by jouw oan 't sjoenen lith;  
 En 't jild den oan sa'n man to jaen,  
 Koe'n jouw, tocht ik, better dwaen,  
 Om kransen en foar diveldrek,  
 Siiker minske, jou bin gek.  
 Mar ik bin nedich hjir wer wei,  
 En det mei jimme goed gean mei,

En sei 't wiifke gouv goê moarn ,  
Ik nim de reis yet fjirder oan.

Mar sa komt krekt hjar broer yn hûs ,  
En dy hie stjinkoal by de rûs ;  
Der koe hja faort wol mei bigjinne,  
En frég' oan my wer mat jo hinne ,  
En wer as ik al wei kaem wier ,  
As 'k al in lang ein ryden hier ?

Nou frége ik oan him as 't koe ,  
As hy de rédens oan ha woe ,  
En daedlik ek den onderbyne ,  
Hwent ik koe der it paed net fyne ,  
En as ik op 'e Wispel wier ,  
Det ik den 't goede paed wol hie.  
Wy rieden der in eintsje hinne ,  
Al to mets ek wer is rinne ,  
't Wier my al in lân dy waeren ,  
'k Wist ek net wer wy bidaeren ,  
Mar 'k ried him dochs mar efternei ,  
En mistich bleau 't de heele dei ,  
Det hja foar toalven yn 'e moarn ,  
Der kaem ik yn Terwispel oan.

By in kaslein bleauw ik to iten ,  
En krige der ek oars hwet by ,  
Mar det is bûten jimme wyten ,  
Dy man det wier in neef fen my.

It earste hwet hja my forhellen ;  
Wy ha fen 'e moarn in bigraefnis hawn.  
Mar de falden dy bitellen ,  
My fen sels der ek goed fen.

Mar ik kin er my dochts net stil fen halde.  
 Sa'n bihandling disze alde  
 Stumper fen in man der hier,  
 Hja sei det it mear as skande wier.

Ien, ruon'e dekjen oer him hinne,  
 Sa laei dy stumper der allinne,  
 Hja seachen ek net nei him om,  
 Och, hwet bin de lju hjir dom.

Lekkens wieren to goed foar him,  
 En siek, det wier tige slim;  
 Kessins hie'r net ien to folle,  
 Hwent hja koe syn alde holle  
 Oas net lisze as op syn jas,  
 Det kaem fêst ek net to pas.

Sa hie hjar der in heel set lein,  
 De snie wier oer him hinne flein.  
 Syn bedstee det wier lang net ticht,  
 En de ald man syn gesicht  
 Wier forskaetne daegen britsen,  
 Do hab s' him al de klean útlitsen.  
 Hwent 't praet gong der wol ier en let,  
 As immen hwet oan 't lighem het,  
 Det op snein faeks troch in skroar,  
 Naied wier det sa'n mins net stoar.

Ien onderbaeitsje moast yet út,  
 Nou scil we'r yet hwet mear fen heare,  
 As hja den syn eagen slút,  
 Scil de ald man ek wol stjearre,  
 Nou laei er mei de neaken lea,  
 En dit wier 't middel fen de dea.

Der hja onder him yet hie ,  
 In bosk ef trije haverstrie ,  
     Neat oer him en ek neat mear oan ,  
     En siker wier , de man is stoarn ,  
 Mar nou het licht de kjeld miskien ,  
 Him op it lêst de dea yet dien .

Hwet tinkt jo nou fen sa'n geloaf ,  
     Foar de lju hjir yn de walden ,  
 Om sa'n ald en earm sloaf ,  
     Op sa'n manier to onder halden .

My tinkt it is in geloaf foar minsken ,  
 Dy hjar earmen algear winsken ,  
     Yn it plak fen disze alde ;  
     Der kin se 't maklikst onderhalde ,  
 En wer hja hjir en yn de waeren  
 Mei hjar bygeloaf bidaeren ;  
     Derom tocht ik hjoed oer dei ,  
     Ik nim mynes hjoed net wei .

Mar nou hab hja yn 'e wâlden ,  
 Net sa'n bytsje to onderhâlden ,  
     Det is ek yet wol'n beswier  
     En den om dy tiid fen 't jier ,  
 Den is 't foar falden ek wol hwet ,  
 De iene dit en de oare det .  
     Om den alles ek to jaen ,  
     Det kin hja onmooglik dwaen .

Dochs kin ik yet oare ljeauwe ,  
 Dy altears mar de selde bleaue ,  
     En by 't geloaf , myn goede man ,  
     Der wit hja net in koarel fen .

Min heart gjin praet oer sneinske naeijers,  
 Nog minder oer geloafedraeijers,  
     Hwent min kin der klear út sjen,  
     Det foar earme ljue net kin.  
 Lit ús mei eltsjar mar deele,  
     Alles haw wy hjir to liin,  
 Den scil 't libben net forfeele,  
     Den stjeart er fen de kjeld net ien.

---

## TSJIN ELTSJAR KIBJE EN KLEIJE.

### *De Faem.*

As haw 'k net folle soarch en need,  
     Dochs mat 'k myn need wol kleije,  
 Ik haw it oars yet bihoarlik goed,  
     Mar lang net as by Meije.  
 Ik bin by myn âlden yn 'e hûs,  
     Mar 't is allegjear gjin wille;  
 Wirk dwaen, sjouwe by de rûs,  
     Ik mat mar bodsje en tille.  
 En drokte mei de molkery,  
     Det mat ik net forgjitte;  
 Den hiert heit yet hwet bûtlân by  
     Fen Jan en greate Tjitte.  
 En mei ús tsjienen um'e dis,  
     Ik ha hwet skjin to feijen,  
 My tinkt det lang gjin hapke is,  
     Ik haw wol stof to kleijen.  
 Hie heit den yet hwet foar my oer,  
     Mar hy gunt my net in botsje —  
 En haw ik sims yet al in stûr,  
     Den mat ik s' him utpotse.  
 En hwet bin 'k aklik yn 'e klean,  
     En kin me neat upstriike,  
 Hier min den yet in goed bistan,  
     Mar 't het gjin roai ef liike.

En nou bin 'k ek al tweintich jier ,  
 En feinten kin 'k wol krije ,  
 Al hwet ik sis is suwer wier ,  
 Ik kin net langer swije ,  
 Sa stikken troch in dei to gean  
 As 'n smarge bidles belle ,  
 Ik scil ris effen fen myn klean  
 Oan jimme hwet fortelle.  
 Ik haw gean klean om oan to sjen ,  
 Gjin kapke op 'e holle ,  
 En sjoch ik nei ues bûrlju's bern ,  
 Hja haw wer fjirs to folle .  
 Myn ûnderklean, hoasen in sokken ,  
 Myn liifke , boarstrok en jak ,  
 't Is allegear stikken in brokken.  
 Gjin lapke sit mear up syn plak.  
 Myn himden , jirken en broeken ,  
 Myn kaemen út 't hier dy bin foart ,  
 Gjin bússe mei skik for myn doeken ,  
 Sa akelik is 't mei myn gûd.  
 't Is kibjen in kleijen in skriemen by ues ,  
 Naer, akelik is 't alle dagen ,  
 En kumt den jouns myn heit ynne hûs  
 Hab ik alles fen him to fordraegen.  
 Den forwiit er my súwer fen alles ,  
 Den flokt er in skelt er mar ta ,  
 Den tsjierit er him as er mal is ,  
 Sa'n lijen kin ik net mear ha.  
 De hûshâlding mat ik om tinke ,  
 En as dwaen ik yet sa myn best ,  
 Min scoe jin sims ljeaver fordrinken ;  
 As langer by heit yn sok lêst.  
 As 'r Sneintojouns feinten by ús binne ,  
 't Is krekt as is heit den de faem ,  
 Den kin hy om alles wol rinne  
 En ik sit er by as in lām.  
 Der sit er sa naer yn to riiden ,  
 Den is der gjin ien hast fen goed ,  
 Den makket 'r myn brein sims oan 't siiden,

Ja siiker den siidt my myn bloed.  
 Earst kaem dy soan is fen Betsje,  
 Ik ljeouw det syn heit hjitte Sjoerd,  
 Ik tochte det kin wol, sa'n setsje,  
 Mar och, dy feint wier net goed.  
 Ek kaem Lolke's soan, Hette,  
 Dy feint wier ik ek wol foar,  
 For ien nacht scoe my det net lette,  
 Dy kearder fordomd for de doar.  
 De tredde wier Harmens Douwe,  
 Det noaske ues âlde dy kear, —  
 Dy moast ik nei syn sin mar trouwe;  
 Do wieren myn rapen net gear.  
 Dy feint hier hwet romte fen bâtsen,  
 Det lyke myn âlde moai ta,  
 Ik tocht dy bin goed um to skatsen,  
 Mar oars mat ik neat fen him ha.  
 Hja praeten mar tiege oer kjellen,  
 Oer hiensers in baergen in kij,  
 Oar hikken in stikken in pjellen,  
 Oer rysen- en sùpenne brij,  
 En oer amers, aden in kroade,  
 Oer harken in forken in donge,  
 Hier nou yet praet hân oer mode;  
 En ik woe det dy soks is mar gong.  
 Mar njoggen ûre kaem 'r neijer,  
 Ik tink hwet belibje ik nou,  
 Mar o fij doch, myn fanke, sei er,  
 As 't goed is bleauw ik joun hwet by jou.  
 Der ston ik, mar 'k wier haest forstomme,  
 Hwent ik wier det praet al sa sêd;  
 Né sei ik, om my hjir net komme,  
 Hwent ik bin ek nedich nei bed.  
 Mar nou mat ik moarnnier hwet belibje,  
 Safolle haw 'k jouns wol foarnomd',  
 Hwet scil ús âlde den kibje.  
 As hja út syn fjerren weikomd'.  
 En der begung er foart al to skelden,  
 En sei my ek iens gjin goê moarn,



'k Doar 't allegear net to fortellen ,  
 Sa fréselyk steld er him oan.  
 Mei in touw kaem hja op 'e lappen ,  
 Hwet wie 'r poer , raesend in kwea ,  
 Ik kriege forskatene klappen ,  
 Ik tochte hy bruit my yet dea.  
 En det um sa'n koale , dy frijer !  
 Ontfong ik dy klappen yet mear ,  
 Net allinne útwindich wier 'k lijer ,  
 Mar it die my ynwindich sa saer.

*Hear myn heit , mar as er seit.*

Hwet is 't in tyd mei greate bern ,  
 't Is aklik det se it sels net sjen ,  
 En foar in heit in smêtte ,  
 't Mat fest hjir ynne wrâld sa gean ,  
 Lyts trapje hja jins op 'e klean ,  
 En great jins op it herte.  
 Sa gjit it mei det fanke ek ,  
 Hja pleachet my it is in skrik .  
 Sa schandlik lit hja lisse  
 Mei frijery en mei ús klean ,  
 't Is foar in heit net uet to stean .  
 Det doar ik ron út sisze .  
 Och bern hwet kost dou my in jild ,  
 'k Seach nearne net sa'n faem yn 't fjild .  
 Dou klaist dy boppe 'n moade .  
 't Is allegear mar lint en bân ,  
 In sieden want oan eltse hân ,  
 En fen de djürste koade ,  
 Dy draegste onder oan de rok ,  
 Oan eltse foet in nije sok ,  
 En den kinst yet sa kleije .  
 't Is allegjer mar sied' en lint ,  
 En krekt as kost it my gjin cint ,  
 'k Moast dy de doar útjeije .  
 Dou kochst fen Tsjal in nije hoed ,  
 Dien oare wier yet tiege goed ;  
 En kaemen ynne hjirren .

't Het foar dy ommers neait nin roai,  
 Elts seit hwet is dy faem dochs moai,  
     Hja sjen dy al fen fjirren.  
 Dou lykist op nin boerefaem,  
 Mar op in jiffer hwet fornaem;  
     Gjin himd hast om dyn ribben,  
 Mar as 't fen boppen mar hwet blinkt,  
 Hwet mienste det in oar net tinkt:  
     Hwet het dy faem in libben.  
 In nije jirk hast ek wer kocht,  
 En wer hast nou dy álde brocht?  
     Dy wier net heal forslieten,  
 Dy draechst nou ek wer eltse Snein,  
 En is er den wer heal ta'n ein,  
     Den by de fôdden smiten.  
 Den bingelt er yet sa'n el ef sân,  
 Troch 't lange gjers in 't wiete lân,  
     En oer de smorche stritte,  
 En den yet ek in s'troak ef hwet,  
 En heale knorren op it gat,  
     Det het my lang bigreate.  
 De famkes ha gjin jirken oan,  
 De jonges broeken hast bidoarn,  
     Wer scil it mei dy hinne,  
 Myn broek en baitsjes bin oan grús;  
 Sa sit ik hjir deis yn sa'n krús,  
     Dou op 'e dyk omrinne.  
 En wierst den jouns yet hwet oan 't wirk,  
 Den flinterknipst mei greate Dirk,  
     Yn hûs kinst dou 't net hirde,  
 Hald alles skjín en kreas yn hûs,  
 Den koe'n w' nocht ha by de rûs;  
     Den koest in goede wirde.  
 Hwent sjoch ik nei myn oare bern,  
 Den kin ik neat as earmoed sjen,  
     En dou mar altears helje.  
 Hwent as ik by de pakpoep kom,  
 Der stjit in heele greate som;  
     En heit kin 't mar bitelje.

En as 't nou langer sa mar kin,  
 Om neanenet nei om to sjen;  
 Den mei gjin ien dy leije,  
 En dwaen faortoan, mar goed dyn bêst.  
 Den hawwe yn 'e hús gjin lêst,  
 En den kinst freijers krije.

*De Faem.*

Mar heit, as ik den frijers krij,  
 Den bin ik sels ek baes tinkt my,  
 As habbe hja gjin bötsen;  
 Det jild jowt ek net troch in dei,  
 As ik hja dochts net leije mei.  
 't Is altearst ek gjin skotsen.  
 Ik wol in feint ha nei myn sin,  
 Der ik in bult fen halde kin.  
 Mar net in al to alden.  
 En Dirk dy is ek mâl om my,  
 En as ik den sa'n mantsje krij,  
 Den tocht ik, wier 'k bihalden.  
 Den wier 'k fen heit to skelden ou,  
 En klappen ek mei 't sjokke touw,  
 Der kin hy mar om tinke,  
 Den gong ik frédich yn 'e hús,  
 Went drokte hab ik by de roes,  
 Nou earst hwet kofje drinke.  
 En den scil 'k handich oan 't wirk,  
 Went moarntojoun kom ik by Dirk,  
 Dy scil 'k it den fortelle;  
 Elts sjocht myn lest, 't is wiif ef man,  
 En fammen, 'k sis er alles fen,  
 Nou hab 'k myn krús forhelle.

---